

AMENDEMENT

Wurklistpunt: 4. Untwerpbegrutting mobiliteitsburo Noardeast Fryslân 2017-2018

Underwerp: Ynhâld fan de sjenswize

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar d.d. 8 juny 2017

Wiziging/oanfulling:

De folgjende sjenswize oangeande de ûntwerpbegrutting mobiliteitsburo Noardeast Fryslân 2017-2018, yn te tsjinjen:

'de gemeenteried kart de ûntwerpbegrutting 2017-2018 ôf, en hat dêrfoar de folgjende argumenten:

1. Yn de oanbiedingsbrief fan 11 april 2017 wurdt neamd dat der in ferskowing optreden is yn de kosten fan it leerlingenferfier nei it Wmo-ferfier. Dat is net of ûnfoldwaande sichtber yn de ûntwerpbegrutting 2017-2018;
2. De kombinaasje fan kosten Wmo-ferfier, leerlingenferfier en Opstapper-ferfier is net apart sichtber yn de ûntwerpbegrutting 2017-2018;
3. Der wurdt ynset op risikobehearsking mar in eksplisyte risikoparagraaf ûntbrekt yn de ûntwerpbegrutting 2017-2018;
4. It is ûndúdlik of de ferfierskosten basearre binne op reële oannames;
5. Der leit in begrutting foar 2017 fan € 4.538.900 foar Wmo-ferfier, leerlingenferfier en Opstapper-ferfier, mar dit is net dúdlik yn it oersjoch. Is dit faaks fan de perioade foar 1 augustus 2017?
6. It is ûndúdlik of de Btw, neamd yn de ûntwerpbegrutting 2017-2018, werom te foarderjen is en troch wa.'

Taljochting:

De gemeenteried fan Achtkarspelen makket him grutte soargen oer de kwaliteit fan de begrutting fan de Mienskiplike Regeling fan it Mobiliteitsburo en beoardielt de begrutting as ûnfoldwaande. Dat betsjut dat de gemeenteried de begrutting fan de Mienskiplike Regeling fanwege de grutte risiko's dy't de gemeenteried foarsjocht, ôfkart. De begrutting bestiet út te folle oannames en ûnwissichheden. De gemeenteried ferwachtet in aktualisearre begrutting dy't better ynsjoch jout yn de werklike kosten.

FNP-fractie, CU-fractie, VVD-fractie GBA-fractie

Sjoerd Groenhof Douwe van Oosten Lineke Kingma Rinus Buising

Stemming:

Voor: GBA, VVD, FNP, CU (10)

Tegen: PvdA, CDA (8)

Aangenomen